

Preek oer Job 40,28 & 5, 23 (Drachten, 14-09-07 (Fryske tsjinst))

Ges.1
Ps.147:3,4
Liet 335 (rûn dopen Laurens Johannes Baron)
L Job 5,17-27
Ges.479:1,3,4
L Job 40,1-5; 40,25-42-2
T Job 5,23 & 40,28 (âlde oersetting)
Ps.104:7,8,10
Lied 305 (nei kollekte)

Gemeente fan 'e Heare Jezus,

Tinke jo jin ris yn dat jo Job binne. Fanôf de púnhepen fan alles dat jo leaf en dierber wie raze jo it út: “Wêr haw ik dit oan fertsjinne? Antwurdzje my!” Mar wannear’t God antwurdet, liket Er krekt in lilke pake dy’t syn pizerige pakkesizzer op ‘e knibbel nimt en him driftich plaatsjes sjen lit út in natuerboek: “Sjoch mar ris nei dit bist! Kinsto dat meitsje? Sjoch mar ris wat dat bist kin! Kinsto dat ek?” Soenen jo dan it gefoel ha dat jo serieuus naam wurden?

Op it plaatsje dêr’t Job dizze reis ris goed nei sjen moat stiet in ûnhuerich meunster: in krokodil. Ik bin der wis fan dat Job him besaude doe’t er harkje moast nei de wiidweidige beskriuwing dy’t God fan dat meunster joech. God brekt it de bek iepen en seit: “Doarsto it oan en stek dyn hân tusken syn rige dûbele toskan? Nee? Gean dan mar in stapke achterút en sjoch him allinnich mar rjocht yn ‘e eagen. Se fonkelje him as it moarnsrea, fynst ek net? Of sjochsto in protte fonkeljen yn dy reade eachjes fan him, mar net it moarnsrea? Skande. It bist hat oars moaie eagen. Gean dan noch mar in stapke achterút. Do hoechst him net iens mei dyn bleate hannen temjitte te kommen. Pak dyn bôge mar en sjit him in pylk yn ‘e bealch. Wat seist? Der komt noch gjin sigentsje troch de rigen fan syn skylden? Besykje it noch ris mei in spear. Wat seist? Hy gnysket om it gieren fan ‘e lâns? Ja jong, hy is sa makke dat er fan gjin bangens wit. Mar sa bisto net makke, sjoch Ik wol. Ik sil it plaatsjesboek mar ticht dwaan. Hiest oars noch wat?”

Moat dat no sa? Giet God sa om mei minsken dy’t har by God bekleie oer harren lot? Job hie it útraast: “Ik rop Jo om help, mar Jo jouwe my gjin antwurd. Ik wie sa stien gien, Jo moasten my wol sjen. Jo binne feroare, Jo binne hurd tsjin my wurden, Jo fjochtsje tsjin my mei de folle fûst” (30,20.21). Mar ik liket krekt oft God antwurdet: “Hurd? De hûd fan in krokodil, dy is nochris hurd. Do beskuldigest my fan wredens? Sjoch mar ris nei dy krokodil. Dy is nochris wreed”. Wat wol de Heare dêr no krekt mei sizze? Dat as dea en ferdjer

saaiende meunsters by syn goede skepping hearre, Job net eamelje moat as dea en ferdjer him ek reitsje? Heart dat der no ienkear by? Of slimmer noch: seit God hjir eins mei safolle wurden dat Hy genietsje kin fan sa'n ûnhuerich meunster, omdat Hy sels ek in ûnhuerige kant hat?

No ien ding is wis en seker: God seit hjir dingen oer Himsels, dy't wy eins net hearre wolle. Mar dat betsjut net dat God Himsels hjir iepenbieret as in wrede God. Hoe raar it jo, bruorren en susters, ek yn 'e earen klinke mei, God leart ús in syn beskriuwing fan 'e krokodil wat it no wier betsjut en wês ôfhinklik fan syn genede. It probleem is net dat God gjin leafde is, mar dat wy it net binne. Op in foar ús nochal stoefe wize besiket God dat net allinnich Job, mar ek ús foar it ferstân te bringen. Mar as Jo, krekt as Job, reewillich binne en harkje as God fertelt fan 'e krokodil, dan kinne jo, krekt as Job, komme te de belidenis: "Ik haw ynsjoen, dat Jo alles yn 'e macht hawwe en dat gjin foarnimmen fan Jo mislearje kin".

De krokodil is net samar in bist. Dat docht wol bliken as God seit: "Walmjende fakkels fljogge him ta de bek út, fjoerpylken meitsje har dêrút frij. It rikket him út 'e noasters as by in pot dy't mei reid stookt wurdt. Syn azem set stienkoal yn gleone gloede, in lûge slacht him út 'e bek". Wy lêze dat en tinke: dat hat mear wei fan in fjoerspuiende draak of sokssawat as fan in krokodil. Mar draken besteane dochs hielendal net? Ja, faaks yn 'e boeken fan Harry Potter, as Harry it by it tsjoenskoalletoernoai opnimme moast tsjin in draak. Mar God lêst Job dochs net foar út in mearkesboek? Gods beskriuwing fan 'e krokodil stiet dochs yn 'e Bibel? Hoe kin dat bist dan beskreauwen wurde as in ôfgriis dat krekt de hel útkrûpt is? Wis en wrachtsjes, net ien fan ús soe graach in krokodil tsjin it liif rinne. Mar in hellemeunster, sa slim is it no dochs ek wer net?

Mar hoe soe it lykje as God foar ús net in krokodil, mar in komodofaraan úttekene hie? Dat binne hagedissen dy't allinnich noch libje op in stikmannich eilântsjes yn 'e Yndonesyske arsjipel. It binne meunsters dy't trije meter lang en sa'n 160 kilo swier wurde kinne. Se frette by need har eigen jongen op, mar oer it algemien fuorje se har mei kadavers. Ik haw ris in dokumintêre sjoen, wêryn't de kop fan in faraan hielendal ferdwynt wie yn it kring fan in ree. Doe't it meunster syn proai hielendal leechfretten hie, luts er de kop der wer út. Ik ferjit nea wer hoe't it bist him de bek ôfslikke, wylst it bloed him noch fan 'e kop dripte. Walchlik, ferbjusterjend. De lêste dinosaurussen wurde se ek wol neamd, die faranen op it eilân Komodo. It is ek krekt oft je op dat lytse eilân efkes sjen meie yn in wrâld dy't – Godtank! – net mear bestiet. Ek foar ús gefoel heart sa'n meunster by de oertiid, doe't de

ierde leech wie en sûnder foarm, it tsjuster oer de ôfgrûn lei en Gods wyn oer it wetter sweve (Gen.1,1)

No is it opfallende, dat yn guon plakken yn 'e Bibel de skepping beskreauwen wurdt as in striid tusken God en in meunster, dat Leviatan neamd wurdt. Der stiet bygelyks yn Psalm 74: "Jo hawwe de meunsters boppe it wetter de kop teplettere, Jo hawwe de koppen fan de Leviatan tebrizele". Dat is feitliks itselde as wy in Genesis 1 lêze: dat God skieding makke yn it wetter fan de oerfloed, allinnich dan poëtysker. God hat de minske grûn ûnder de fuotten jûn troch it wetter út 'e wei te skowen. Sa is der foar ús in feilich plak ûntstien der't we libje en wurkje kinne. Mar de gaos fan it begjin is noch net fuort. Earst op 'e nije ierde sil útkomme, wat de apostel Johannes al foar him seach yn it lêste bibelboek: "de see wie der net mear" (Ipb.21,1). Oant dy tiid libje wy as de âlde Friezen op harren terpen: feilich salang't it wetter net te heech komt. Want dan slacht de gaos wer oer ús hinne. Mar Job wenne net yn it âlde Fryslân, mar yn it âlde Oes. Foar him brekt mei de nije ierde net de tiid oan dat it wetter net mear om de terp hinne leit, mar de tiid dat de Leviatan net mear om syn hiem hinne slûpt.

Mar dat dy tiid noch net kaam wie, hie Job fernaam doe't er fan 'e iene op 'e oare dei fan smoarryk strie-earm en fan ynsûn deasiik wurde. As Job yn syn wanhope de nacht wêryn't hy berne waard ferflokt, seit er: "Lit de ferflokkes fan 'e dei dy nacht ferflokke, dy't ree sitte om it leviatanmeunster op te jeien" (3,8). Mar wat seit God: "Kinsto dat leviatanmeunster mei in heak oplûke en mei in tou him de tonge deltwinge? Kinsto him de snute tichtbine mei in reiden koarde en him de kaken trochboarje mei toarnen?" Nee, fansels kin Job dat net. Hie der dat mar kind. Dan wie him dit lijen net oerkaam. Mar de gaos betwinge, dat is ús, minsken, oermânsk. God hat skoan gelyk as Er seit: "Sil de krokodil mei dy akkoartsje, datst him foar altiten yn tsjinst nimme kinst?" Of sa't it yn 'e âlde oersetting stiet: "Sil er in ferbûn mei dy meitsje, datst him altyd ta slaaf hâlde kinst?"

In ferbûn tusken de minske en de natuer, in protte minsken dreame derfan. No't it klimaat feroaret en de natuer him mear en mear tsjin ús keart, kin je mear en mear minsken hurdop dreamen hearre fan in wrâld dêr't de minske wer yn harmonije mei it miljeu libbet. Yn stee fan dat wy ús hjitten de skepping taraze, soenen wy ris nei har stim harkje moatte. We hoege noch net iens te praten mei beamen en dolfijnen, nei har harkje is al gâns wat. Boeken mei dat boadskip fleane de boekwinkels út. Ik tink dan net iens oan de boeken fan prinses Irene, mar mear oan in skriuwer as Paul Coelho. Der sit hjir grif wol ien yn it tsjerke, dy't wat fan him lêzen hat. Syn boek *De alchimist* bygelyks. Dêryn fynt in herdersjonge de wiere wysheid troch te harkjen nei de stim troch de hiele skepping hinne klinkt. De stim fan God?

By Coelho lykje de Skepper en de skepping sa'n bytsje itselde te wêzen. Dat sil de measte grifformearden wat te fier gien. Mar ek de grifformearde belidenis leart dat je God net allinnich út it boek fan de skriftuer, mar ek út it boek fan de natuer kennen leare kinne. Minsken dy't middeis net nei it tsjerke geane, ha dat part fan harren belidenis oer it algemien goed ûnthâlden. Dêr stiet it dochs: dat je God net allinnich yn 'e tsjerke, mar ek wol yn 'e bosk moetsje kinne.

Mar hokker God moetsje je dan yn 'e natuer? De God dy't alles sa ivige moaie makket hat of de God dy't alles sa ysbaarlike rûch makke hat? Der wurdt nochal ris sein: "Tink is oan it each. Sa'n yngeueus orgaan, dat kin dochs net tafallich ûntstien wêze?" Nee, dat leau ik ek net. Mar oer hokker eagen ha we it? De eagen fan myn frou of de eagen fan 'e krokodil? Op dat earste pear eagen soe ik spontaanwei wol in lofsang sjonge kinne. Mar yn Job 41 sjongt God spontaanwei in lofsang op de eagen fan 'e krokodil. Fan dy kâlde lasereachjes seit God: "de eagen fonkelje him as it moarnsrea". Eagen binne de spiegels fan de siele. Mar hokker siele wurdt wjerspegele troch de eagen fan in krokodil? God seit sels: "Syn hert is smeiwurk, sa hurd as in stien, spikerhurd as de ûnderste mûnestien". En dochs bewûnderet God dat hurdhertige dier as de kening fan alle grutske bisten. Wat in leafde foar dat ûnhuerige meunster klinkt der troch yn dy dichtrigel: "Ik kin my net stilhâlde oer dat meunster syn lea: hy is sa ûnbidige sterk en hat sa'n skoandere útris". Kinne jo it ferneare en hear God soks sizzen fan dy faraan op Komodo, waans kop noch dript fan it bloed? Dêrom frege ik: Hokker God woenen jo no yn 'e natuer moetsje? De God fan de blomkes en de bijkes of de God fan de krokodillen en de faranen? Sis dan net: "Ja, mar sa binne dy bisten wurden nei de sûndefal. Want in Genesis 1 fers 30 stiet dat God yn it begjin oan de dieren op 'e ierde de griene spruten fan ik gewaaks te iten jûn hat". Dat dat yn Genesis 1 stiet wit ik ek wol. Mar oft dat betsjut dat de krokodil yn it begjin fegetariër wie? Al wie der dat, dan is er dat no net mear. En God sjocht in Job 40 en 41 dat it sa goed is. God tekenet de krokodil foar de eagen fan Job net as in ôffalprodukt fan 'e sûndefal, mar as in masterwurk.

Dêrmei hat God de treast dy't Elifaz besocht hie syn freon Job mei te jaan fersmiten. Elifaz hie tsjin Job sein dat it ál mooglik wie en libje yn frede mei de natuer. Yn 'e twadde tekst foar de preek seit Elifaz: "Mei de stiennen op it lân silst ommers in ferbûn ha en de wylde bisten sille frede mei dy slute". It liket in bytsje frjemd dat Elifaz sprekt fan in ferbûn mei de stiennen op it lân". Mar in kampearder wit al dat je de hjerrings fan je tinte raar kr ûm slaan kinne op in stien dy't krekt ûnder it gers in 'e boaiem sit. Tinke jo jin ris yn dat je sa'n stik lân ploegje moatte. Foar in boer yn it âlde Israel wienen stiennen – sis maar – de

njirren ûnder syn gers. Dat docht ek wol bliken as yn ús tekst in ferbûn ha mei de stiennen fan it lân itselde is as frede slute mei wylde bisten.

Elifaz soe it faaks gâns iens wêze mei dy wurden út it doopformulier dat God de God is dy't syn bern fan al it goede fersjocht en al it tsjoede fan har wart. Mar dan komt der by Elifaz neat mear achteroan, wylst it doopformulier seit dat God it tsjoede fan syn bern wart òf it foar harren meiwurkje lit te goede. Begryp my goed, bêste minsken, it is my der net om te dwaan en meitsje freon Elifaz swart. Elifaz leaut fêst dat God it tsjoede net allinnich fan ús warre kîn, mar dat Hy it ek fan ús warre sîl. Elifaz syn fertrouwen op God koe dêrmei wol ris grutter wêze as dat fan 'e measten fan ús. Hy is derfan oertsjûge dat God ús somtiden sear docht, mar dan ferbynt hy ús ek. Ha slacht wol wûnen, mar deselde hân makket ek wer better. Uteinlik komt it altiten wer goed. Mar as it no net wer goed komt? By Elifaz kin dat net. "Mar it komt dochs net altiten wer goed? Dat witsto dochs ek wol, Elifaz?" Ja, dêr hat Elifaz op dit stuit gjin antwurd op. Mar as er langer mei Job praat, komme de keallen wol út it hok. Ja, as it dochs net goed komt, dan sil dat dochs wol oan dy lizze, Job. Want asto wier as in bern op dyn Heit yn 'e himel fertrouwt, dan sil it wer goed komme. Dat moat gewoan. Foar Elifaz is dat in soart fan natuerwet.

Ik sei krekt dat it net myn doel wie en meitsje Elifaz swart. Ik sei dat ek omdat Job feitliks gjin spier better is. Hy redenearet kreksa as syn freon, mar dan de oare kant út. Hy bleau dochs as in bern op syn Heit in 'e himel fertrouwen? Hoe is it dan yn 'e frede mooglik dat it noch altiten net wer goed kaam is? Hoe kin dat no? Ek Job is derfan oertsjûge dat der yn 'e omgong tusken God en syn bern wetmjitticheden jilde. God wit dochs sels ek wol (1,8): Job is rjochtút. Dat hy mei net earm wêze. Job hat ûntsach foar God. Dat hy mei net siik wêze. Dat heart gewoan net sa.

No, dy kreaze teory skuort God yn snipels mei dat ferskuorrende meunster fan in krokodil. As God yn syn skepping in plak ynskewiele hat foar dat gaosmeunster fan in krokodil, betsjut dat foar God net dat it gjin goede skepping mear wêze kin. Sa betsjut it foar God ek net, as Hy de gaos net út Jobs libben wart, dat it gjin goed libben mear wêze kin. God seit dat de krokodil noait in ferbûn mei de minske slute sil. Dat soe ek absurd wêze. Mar ûnderwilens is wat noch folle absurder is bard: dat God sêls in ferbûn mei de minske slúten hat. At jo der ris goed oer neitinke, dat betsjut dat dochs dat jo kjel wurde moatte fan 'e krokodil, mar net kjel hoege te wurden fan God. De hiele skepping kin miskyn tsjin jo wêze, mar wat soe it as de Skepper sels foar jo is?

De God dêr't Job yn leaude foardat God him de krokodil sjen liet, wie in God dy't je net foar ferrassings stelt. Dat liket wol sa feilich. Want salang't je moar libje lykas God fan je ferwachtsje mei, witte je mei-ienen ek wat jo fan it libben ferwachtsje meie. Mar dan hat God gjin romte mear en doch ûnwittend folle mear as wy oait freegje of betinke kinne (Ef.3,20). In God dy't Him in ús ferwachtingspatroan parse moat, dy kin allinnich deun by ús wêze troch ús it goede te jaan. Wylst Hy yn kweade dagen folle tichter by ús wêze kin as wy foar mooglik hâlden hienen. God kin ek goed wêze at je earm binne. God kin ek leafde wêze at je siik binne. En oarsom: as God wier sa wie lykas Job wold hie, dan wie der foar God ek gjin romte west en jou ús it goede, wylst wy it kweade fertsjinnen. Oars sein: as it ferkear tusken God en ús rûn oer wetmjittichheden, dan hie it wurd "genede" nea yn 'e Bibel stien; dan hie God noait syn Ienlingsoan jûn, dat elk dy't yn Him leaut, net omkomme, mar ivich libben ha soe (Joh.3,16)

At wy witte wolle wat wy oan God hawwe, dan moatte wy net yn 'e bosk omrinne. Dêr ferdwale wy yn. Wy sjogge it goede en wy sjogge it tsjoede, en kinne der gjin kant mei út. Nee, at wy witte wolle wat wy oan God hawwe, dan moatte wy nei Jezus Kristus sjen. Dan moetsje wy God as in God dy't wier ien fan ús wurden is, om't Er blykber deun by ús wêze wól. Net om't er dat moat, mar om't er sa is. God moat hielendal neat. Mar út leafde foar ús docht Er wat gjin minske ferwachtsje mocht. As wy Jezus Kristus oan it krús hingjen sjogge, dan witte we dat God wier alles foar ús oerhat. God docht dingen dy't wy net foar mooglik hâlde en somtiden docht dat sear. Mar minsken dy't witte dat se gjin rjocht hawwe op ferjouwing of op genêzing, meie leauwe dat God Him frij fielt en jou je dy ferjouwing of dy genêzing dochts. Op hokker wize of op hokker tiid Hy dat docht, lit dat no mar oan Him oer.

Job hat dat begrepen. Want Hy antwurdet: "Ik haw ynsjoen, dat Jo alles yn 'e macht hawwe en dat gjin foarnimmen fan Jo mislearje kin". As Job dat al seit nei't er in krokodil sjoen hat, meie jo, bruorren en susters, dat hielendal wol sizze. Want as je achter de krusige Kristus de opsteane Kristus weisjoen komme hawwe, dan kin je allinnich mar sizze mei de apostel Paulus: "O djippe rykdom, wysheid en kennis fan God, net te bedjipjen binne syn oardielen, net nei te gean syn wegen! Want wa wit wat de Hear fan doel is? Wa hat syn riedsman west? Of wa hat Him ea earst wat jûn, dat God Him fergoedzje moast?" (Rom.11,33-35; Job 42,3) God syn oardielen binne net ús oardielen en God syn wegen binne net ús wegen. Gelokkich net!

Amen.